

# PARSEBERJOCHT - Programma-ynformaasje Fryslân DOK

28 maart 2017

## Fleur op 'e Flecht

Fryslân DOK op snein 9 april

**Hoe is it foar Afgaanse bern om as flechtling yn Fryslân te wenjen? Fleur op 'e Flecht lit sjen hoe't bern har hjir op it earste gesicht maklik oanpasse. Freonskippen slute, boartsje, de taal leare, rûzje meitsje en dreame. Mar de ferskrikkingen fan de flecht binne noch lang net fergetten en de ûnwissichheid oer de takomst is kontinu oanwêzich.**

De Afgaanse dokumintêremakker Alka Sadat en har man en kameraman Foad Dehqanpour folgje trije Afgaanse bern dy't as flechtling nei Nederlân kamen; Ahmad, Donya en Zahul. Ahmad wennet mei syn famylje yn it AZC fan Burgum dêr't útprosedearre asylsikers opfongen wurde. Syn asyloanfraach is yn earste ynstânsje ôfwiisd. Hy is yn ôfwachting fan in berop tsjin dy ôfwizing. Donya en Zuhul wenje nei ferskate oerpleatsingen net mear yn Fryslân, mar yn it AZC fan Dronten. Se wachtsje al moannen op útslach fan de oanfraach om hjir bliuwe te kinnen. De bern fertelle oer harren flecht nei Nederlân en oer hoe't it is om hjir te wenjen en in takomst op te bouwen.

Dat de bern filme wurde troch immen út harren heitelân en prate kinne yn har eigen taal makket dat se tige iepenhertich fertelle. Sa krije ferhalen, dy't op it earste gesicht bekend klinke, in bysûndere lading om't se ferteld wurde troch bern. Alka Sadat woe perfoarst gjin tryste film meitsje, mar in film oer hope. Dêrom frege sy teätermakker Jeanmarie Bevort om foar de bern op te treden. Yn syn clowneske foarstelling 'Dwarf' praat er in eigen taal. In taal dy't net ien ferstiet, mar wol elkenien begrypt.

### Fryslân DOK Fleur op 'e Flecht:

Snein 9 april om 17.00 oere en dêrnei fan 18.00 oere ôf alle oeren by Omrop Fryslân. Ek te sjen op sneon 8 april om 15.30 oere en snein 9 april om 13.25 oere op NPO 2.

---

### **Noat foar de redaksje:**

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.

# PERSBERICHT – Programma-informatie Fryslân DOK

28 maart 2017

## Fleur op 'e Flecht

Fryslân DOK op zondag 9 april

**Hoe is het voor Afghaanse kinderen om als vluchteling in Fryslân te wonen? Fleur op 'e Flecht laat zien hoe kinderen zich hier op het eerste gezicht makkelijk aanpassen. Vriendschappen sluiten, spelen, de taal leren, ruzie maken en dromen. Maar de verschrikkingen van de vlucht zijn nog lang niet vergeten en de onzekerheid over de toekomst is continu aanwezig.**

De Afghaanse documentairmaker Alka Sadat en haar man en cameraman Foad Dehqanpour volgen drie Afghaanse kinderen die als vluchteling naar Nederland zijn gekomen; Ahmad, Donya en Zahul. Ahmad woont met zijn familie in het AZC van Burgum waar uitgeprocedeerde asielzoekers worden opgevangen. Zijn asielaanvraag is in eerste instantie afgewezen. Hij is in afwachting van een beroep tegen deze afwijzing. Donya en Zuhul wonen na verschillende overplaatsingen niet meer in Friesland, maar in het AZC van Dronten. Ze wachten al maanden op uitslag van de aanvraag om hier te kunnen blijven. De kinderen vertellen over hun vlucht naar Nederland en over hoe het is om hier te wonen en een toekomst te bouwen.

Dat de kinderen worden gefilmd door iemand uit hun vaderland en kunnen praten in hun eigen taal maakt dat ze zeer openhartig vertellen. Zo krijgen verhalen, die op het eerste gezicht bekend klinken, een bijzondere lading omdat ze worden verteld door kinderen. Alka Sadat wilde beslist geen sombere film maken, maar een film over hoop. Daarom vroeg zij theatermaker Jeanmarie Bevert om voor de kinderen op te treden. In zijn clowneske voorstelling 'Dwarf' praat hij een eigen taal. Een taal die niemand verstaat, maar wel iedereen begrijpt.

Fryslân DOK Fleur op 'e Flecht (Glimlach in ballingschap):

Zondag 9 april om 17.00 uur en daarna vanaf 18.00 uur ieder uur bij Omrop Fryslân. Ook te zien op zaterdag 8 april om 15.30 uur en zondag 9 april om 13.25 uur op NPO 2.

---

### **Noot voor de redactie:**

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.